

De Stifting Fryske Akademy docht mear as 85 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisziplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonaal wittenskiplik debat, draacht by oan it akademysk klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen is sûnt 1987 in ûnderdiel fan de Fryske Akademy. Mercator docht ferlykjend en tapast ûndersyk yn Europa op it mêd fan meartalich ûnderwiis, taalbelied en taalfitaliteit, en ferbynt dat mei maatskiplike fraachstikken yn Fryslân. Op dizze wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engaazjemint mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is liearre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW).

Wy sykje in

Koördinator bedriuwsfiering, lid managementteam

32-38 uur per week

Bisto in dreane finance professional en strategyske sparringpartner dy't betûft is yn it effisjint ynrjochtsjen fan bedriuwsprosessen? Bist dêrneist in ferbiner, dy't entûsjast wurdt fan in brede managementfunksje en ek yn de operaasje graach de hannen út de mouwen stekt? Dan sykje wy dy.

De Fryske Akademy, it akademysk ûndersyksynstitút foar de Fryske kasus, siket in Koördinator Bedriuwsfiering. Yn dizze funksje bist ferantwurdlik foar it foarmjaan fan en ynhâld jaan oan in effektive planning- en kontrôlesykus. Fan it mei bepalen fan de langetermynstratêge en doelen, oant it opstellen fan de mearjierrebegrutting en it jierferslach. Dêrneist bist oansprekpunt foar de ôfdielingen Finance, HR, Sekretariaat, Fasilitêr, Ynformaasjebehear en IT (eksterne partner), dêr'tst in seistal kollega's funksjoneel by oanstjoerst.

As Koördinator Bedriuwsfiering bist fertsjintwurdige yn it MT, dêr'tst as petear- en sparringpartner fungearrest oangeande û.o. it (finansjeel-)ekonomyske belied, organisaasjebrede fraachstikken en it trochûntwikkeljen fan de organisaasje as gehiel rjochting de takomst. Dêrby heart trochrinnende profesjonalisearring en it ymplementearjen fan nije wurkwizen om de platte organisaasjekultuer fierder te befoarderjen.

Taken en ferantwurdlikheden:

- Ferantwurdlik foar de ûntwikkeling, planning, útfiering en it monitoaren fan de planning- en kontrôlesykus.
- Ferantwurdlik foar it mei opstellen fan de mearjierrebegrutting en de taljochting dêrfan nei de auditkommisje en Ried fan Tafersjoch.
- Ferantwurdlik foar it opstellen fan ferskate fearnsjierrapportaazjes en it jierferslach.
- Meitinke oangeande de helberens fan nije projekten en de administrative ynrjochting dêrfan yn de projektadministraasje, sadat oan de administrative ferplichtingen en ferantwurdling nei de subsydzjeferstrekkers foldien wurdt. De subsydzjes fariearje fan lokale fûnsen oant Europeeske oanfragen.
- Opstelle fan projektbegruttingen, tuskentiidske projektrapportaazjes en monitoaren fan de projekten en it rinnende wurk. Elts fearnsjier bepraatst de fuortgong mei de projektmanagers en programmakoördinatoaren.
- It ûnderhâlden fan kontakten en it fieren fan oerlis mei ferskate eksterne relaasjes en finansiers, lykas de Provinsje Fryslân, de KNAW, de Ryksoerheid, UvA, RUG en it Frysk Akademy Fûns.
- Dielnimme oan de MT-gearkomsten en oerlis mei de auditkommisje en de Ried fan Tafersjoch.
- It ferbetterjen en optimalisearjen fan bedriuwsprosessen en systemen. Op termyn is der sprake fan it selektearjen en ymplementearjen fan in nij finansjeel pakket, yn gearspraak mei de stakeholders.
- Funksjoneel oanstjoeren fan de stypjende tsjinsten. Geregeld is der oerlis en ôfstimming oangeande de finansierings- en projektadministraasje, automatisearringsfraachstikken, leveransiersôfspraken en it behear en ûnderhâld fan de monumintale gebouwen.
- Mei foarmjaan fan de fierdere profesjonalisearring en de platte organisaasjekultuer.

Dyn profyl:

Do bist in betûft finansjeel spesjalist en mûnske petearpartner foar direksje en eksterne partners. Skeakelest maklik tusken ferskillende petearpartners, sawol yn - as ekstern, mar ek tusken ferskillende fraachstikken en wurksumheden dy't ek operasjoneel en ad hoc wêze kinne. It iene momint stelst in fearnsjierrapportaazje op, of tinkst mei oer in nije projektoanfraach en it oare momint bringst senario's yn kaart en tinkst mei de direksje mei oer langetermynstrategy.

Dêrneist:

- Hast in hbû/wû-oplieding yn bedriuwsekonomske rjochting ôfmakke.

- Hast op syn minst fiif jier relevante wurkûnderfining yn bygelyks de accountancy.
- Beskikst oer kennis fan en ûnderfining mei eksterne subsydzjes.
- Leafst hast ek ûnderfining mei lieding jaan oan en it coachen fan meiwurkers.
- Tinkst yn prosessen en bist by steat om dy foarm te jaan en te stjoeren.
- Tinkst strategysk en yn senario's foar de takomst en setst dy om nei in praktyske útwurking yn it no.
- Kinst goed skeakelje tusken nivo's, fan lokaal oant Europeesk.
- Bist organisaasjesensityf, in iepen en sosjaal persoan. Slachfeardich en saaklik, mar ek grif mei each foar it minsklike aspekt.
- Behearskest de Nederlânske, Ingelske en Fryske taal yn wurd en skrift of bist ree om de Fryske taal te learen.

De Fryske Akademy biedt:

- In tige ôfwikseljende funksje binnen in platte en ynformele organisaasje mei hert foar de Fryske taal, skiednis en kultuer.
- In fulltime funksje mei de mooglikheid om 32 oeren te wurkjen. Yn earste ynstânsje giet it om in jierkontrakt mei de yntinsje om in langduorjende gearwurking oan te gean.
- In goed salaris. De funksje is ynskaald yn skaal 11 fan de CAO Nederlandse Universiteiten.
- Treflike arbeidsbetingsten, lykas in ein-fan-it-jierútkearing, fakânsjetaslach en karbetingsten.
- In reiskosteregeling en thús wurkfergoeding.
- Wurkje yn in moai pân yn it hert fan Fryslân en in grut Frysk, lanlik en Europeesk netwurk. It is ek mooglik om foar in part thús te wurkjen.

Sollisitaasje proseduere:

De werving en seleksje foar dizze fakatuere wurdt eksklusyf fersoarge troch Finanxe Ljouwert. Wy freegje ynteressearre kandidaten dan ek om streekrocht fia [Finanxe](#) te sollisitearjen. Foar mear ynformaasje oer de funksje of sollisitaasje proseduere kinst kontakt opnimme mei Bouwina Hoekstra, Business Consultant by Finanxe, fia [e-mail](#) of telefoanysk fia 06538655221.



KONINKLIJKE NEDERLANDSE
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op priis steld.